

Oankundiging →

Anthonia Feitsma (2012)

Tussen Hemsterhuis en Grimm.
Joast Hiddes Halbertsma als taalkundige
(Bezorgd door Els van der Geest, Frits van der Kuip
en Jan Noordegraaf)

Ljouwert: Fryske Akademy en Feitsma Fûns

Rients Faber

Tony Feitsma (1928-2009) hat ien fan myn learmasters west op myn ferkenningstocht troch de Fryske kultuer. Har wittenskiplike alsidigens yn 'e frisistyk en har besef dat frisistyk kwetsber is, waard fersterke troch har rasjoneel fermogen om in wurdestriid oan te gean. Har rol yn 'e Fryske kultuer wie mear as de status dy't har Frysk professoraat har joech, se wie persoanlik belutsen by it Frysk as utering fan in kulturele bestanswize. Benammen yn myn lêste ûntjouwingsfaze, it doktoraal Fryske taal- en letterkunde, letter folge troch in promoasje-ûndersyk, hat sy in soad bydroegen oan myn wittenskiplike foarming. Sy wie net benaud om nije paden te sykjen en grinsgebieten te ferkennen. It neuroatyske ramt dêr't de hjoeddeiske ynstituten harren wittenskip yn foarm jaan moatte, is wol it tsjinstelde fan 'e iepen wittenskip sa't dy by Tony Feitsma mooglik wie. Dêrby koe se har kollega-wittenskippers wol deun op 'e hûd sitte. In Diederik Stapel hie by har gjin kâns krigen.

Yn 'e sammelbondel *Tussen Hemsterhuis en Grimm. Joast Hiddes Halbertsma als taalkundige* lit Tony Feitsma sjen hoe't har wurkwize wie: de histoaryske boarnen kritysk lêze yn harren kontekst. Grutte sitaatfragminten ûnderbouwe gauris har argumintaasje. De bondel *Tussen Hemsterhuis en Grimm* is net allinnich fan betsjutting foar de frisistyk, mar ek foar de histoaryske taalkunde yn it algemien, trochdat Tony Feitsma dêrmei de Schola Hemsterhusiana wer it plak jûn hat dat dy lear takomt yn 'e hjoeddeiske Europeeske taalkunde.



Oebele Vries (2012)

De taal van recht en vrijheid. Studies over middeleeuws Friesland

(Onder redactie van Anne Tjerk Popkema, Han Nijdam en Goffe Jensma, m.m.v. Saakje van Dellen)

Gorredijk: Uitgeverij Bornmeer

Rients Faber

Oebele Vries hat yn 'e tritich jier dat er as wittenskiplik meiwurker ferbûn west hat oan it Frysk Ynstitút yn Grins in ymposant tal stúdzjes publisearre op it mêd fan it Aldfrysk en de midsieuske skiednis fan Fryslân. Foar dizze bondel hat de redaksje achttjin artikels keazen dy't hearre ta Vries syn wichtichste tema's: politike skiednis, it fetewêzen en rjocht en rjochtsterminology.

De feestlike oanlieding foar de redaksje om it boek gear te stallen, wie de pensjonearring fan Vries. Lykwols, yn dyselde snuorje waard bekend dat de universiteit fan Grins swier besunige op 'e stúdzje Frysk en fangefolgen krige Vries gjin opfolger. En dat wylst bliken docht dat sa'n universitêr meiwurkersplak net allinnich fan betsjutting is foar it universitêre ûnderwiis, mar yn bredere sin ek foar it wittenskiplik ûndersyk. Frjemd dat in universiteit en de oerheid harsels yn harren belied net basearje op feiten, hjir dus de oantoanbere rykdom fan ûndersyksresultaten.

Oan it begjin fan 'e bondel stiet in fraachpetear mei Vries. Nei syn pensjonearring hâldt Vries syn wurkplak by it Frysk Ynstitút foarearst frijwillich oan en hopet er him folslein op ûndersyk rjochtsje te kinnen.

De bondel is moai ynbûn útjûn troch Bornmeer, mei saak- en nammeregister. Foar alle lju mei niget oan 'e midsieuske Fryske skiednis in boek dat net yn 'e persoanlike bibleteek ûntbrekke mei.

